

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	De Rouwe Underwerp: Hege tariven Liander foar klanten
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	Nei oanlieding fan in brief oan de Steaten fan Fryslân fan Van der Wal, enerzjykoördinator fan in sportklub yn Ljouwert en de dêropfolgjende publisiteit fia Omrop Fryslân* hat de fraksje fan de FNP de neikommende fragen:
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Hawwe jo kundskip nommen fan it brief (e-mail) fan 23 febrewaris lêstlyn oan de Steaten en de amtlike tsjinst en it item op Omrop Fryslân fan 2 maart 2017 dêroer? Sa ja, wat is jo reaksje dêrop?2. By de beslútfoarming yn 2015 troch de Steaten fan Fryslân hawwe DS ûnder skaaimerke 01220255 oanjûn dat troch de útruil fan de wurkgebieten fan Enexis en Liander der in netto effisjinsyslach te ferwachtsjen wie. De tariven soenen neffens ferwachtings fan de ACM mei 4% nei ûnderen ta gean. Kin it Kolleezje oanjaan hokker effisjinsyfoardielen oant no ta behelle binne troch Liander en kinne jo dêr ynsjoch yn jaan? Graach in neiere taljochting.3. <ol style="list-style-type: none">a. Kin it Kolleezje oanjaan hoe't it kin dat Liander, dêr't de provinsje Fryslân fia Alliander oandielhâlder fan is, kenlik yn 2017 hast 21% djoerder wurden is as Enexis foar hûshâldens en saaklike lytsferbrûkers mei in oansluting fan 3 x 80 A? b. Yn it item fan Omrop Fryslân wurdt troch Liander as argumint brûkt dat it troch gemeentlike belestings op kabels en liedingen komt. Hoefolle prosint fan de kostestiging is dêrtroch feroarsake?c. Is der ek sprake fan it 'oppotten' fan jild yn de reserves fan Liander?4. Is it Kolleezje fan DS ek fan doel om as oandielhâlder de netwurkbehearder Liander by de earstkommende oandielhâldersgearkomste oan te sprekken op syn maatskiplike ferantwurdlikheid oangeande it te fieren priisbelied yn relaasje mei kollega-netbehearders?
	<p>*http://www.omropfryslan.nl/njys/702310-ljouwerter-sportklups-binne-mear-jild-kwyt</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	2 maart 2017
-------	--------------

